

Ynlieding en ferantwurdig

It ûntstean en de skiednis fan de Fryske krite en selskippen bûten Fryslân en dêrmei It Frysk Boun om Uten, kinne net los sjoen wurde fan de ekonomyske omstannichheden en de maatskiplike ûntjouwings yn Fryslân yn de ôfrûne hûndertfiftich jier of dêromtrint. Benammen yn it boek Fryslâns Ferline, Skiednis fan Fryslân fan de iistiden oant no (útjûn yn 2001), beskriuwe Douwe Kooistra en Harm Oldenhof op tagonklike wize de faktoaren dy't der ta laat hawwe dat yn 'e rin fan 'e jierren tûzenen Friezen harren bertegrûn ferlitten hawwe.

Sa wurde yn 'Fryslâns Ferline' de migraasjesifers neamd dy't in dúdlik byld jouwe fan de úttocht yn de 19de en 20ste ieu. Yn de perioade 1815-1830 groeide de befolking fan Fryslân noch. Yn de jierren 1830-1840 wie der in lichte tebekslach. Yn de perioade 1840-1850 wie der in beheinde groei, mar yn 1880-1890 wie der in migraasje fan mar leafst 34.637 ynwenners. De lânboukrisis yn 'e jierren om 1880 hinne easke syn tol. De Fryske ekonomy kaam yn in streekrjochte krisis telâne. Foar in grut part lei de oarsaak by de feehâlderij en de lânbou, dus sawol yn de Greid- as yn de Bouhoeke. Beide sektoaren krigen problemen mei de ôfset fan harren produkten. De hannel yn bûter rûn tebek, benammen om't de boeren yn Denemarken in part fan de eksport nei Ingelân oernamen. Hja hienen it bûtermeitsjen oerbrocht nei fabriken, wylst yn Fryslân de bûter noch altyd mei de hân makke waard. It Deenske produkt wûn sa fan it Fryske op it mêd fan unifoarmiteit en konstante kwaliteit.

De bouboeren krigen te meitsjen mei gruttere konkurrinsje op de wrâldmerk. Technyske fernijingen yn it transport oer see (steamboaten) makken it mooglik goedkeap alderhande grûnstoffen nei Europa te ferfieren. Sa kaam der goedkeap nôt, katoen, kofje en plantaardige oalje út alle oarden fan 'e wrâld en dy produkten ferkrongen foar in part it binnenlânske nôt, it flaaks, de sûkereij en it raap- en koalsied. Fansels pasten de agraryske ûndernimmers harren oan. De greidboeren rjochten eigen suvelfabriken op om sa better konkurrearje te kinnen en yn de bou feroaren de boeren harren bouplan. Mar de druk op de prizen bleau en de ferfangende produkten yn de bou, de ierdapels benammen, joegen minder ynkommen. En beide reaksjes op de nije ekonomyske situaasje kosten in soad minsken harren wurk. It gefolch dêrfan wie in dúdlik ferrin fan de befolking.

In grut part fan de arbeiders hie gjin kar. It wie út kleare earmoed dat se ferhúzje moasten om op oare plakken yn 'e wrâld wurk te sykjen. Yn Hollân wie der wurk yn de yndustry bygelyks by Hoogovens yn IJmuiden, yn de havens fan Amsterdam en Rotterdam, yn de tekstyl yn Twinte en yn de minen yn Limboarch. In protte ûndernamen de grutte reis oer see nei Kanada, Amearika, Súd-Afrika, Austraalje en Nij-Seelân. En gean sa mar troch. Doedestiids wienen de ôfstannen folle 'grutter' as tsjintwurdich. De minsken gienen foar altyd en benammen dejingen dy't de oseaan oerstutsen wisten mar al te goed dat se harren famylje faaks nea wer sjen soenen.

Yn de 20ste ieu is de emigraasje fan in protte Friezen trochgien. It wienen de ekonomyske en maatskiplike ûntjouwings dy't foar grutte feroarings soargen. Ferâldere bedriuwstúken en produksjemetoaden ferdwûnen en dêr kamen nije foar yn it plak. De krisis fan de tritiger jierren hie fansels in grutte ynfloed. Op 'e nij in skerpe stiging fan de wurkleazens en dêrmei fan de earmoed. Mar ek de omslach yn de lânbou yn de fyftiger en sechstiger jierren wie fan grut belang. As gefolch fan de meganisaasje en skaalfergrutting yn greid- en bouboerkerij rûn de wurkgelegenheid tebek

en de opkommende yndustry koe dat net goedmeitsje. Tusken 1950 en 1970 naam it tal bedriuwen mei mear as ien hektare lân ôf fan likernôch 22.000 oant 13.000. De omstannichheden foar de bedriuwsfiering feroaren ek sterk. Yn 1950 wie noch mar 62% fan de boerebedriuwen oansletten op it elektrisiteitsnet, 34% hie wetterlieding en 9% besikte oer in tillefoan. Dochs rekke alles yn in streamfersnelling. De ruilferkaveling (regele yn in wet fan 1954) spile ek in wichtige rol yn it needsaaklike feroaringsproses. It pynlike ferlies oan wurkgelegenheid yn de lânbou en de tradisjonele yndustry, waard - sa as boppe oanjûn - net goedmakke troch nije arbeidsplakken yn de moderne yndustry. Jawol, yn Ljouwert naam it tal arbeidsplakken ta, mar yn de Bouhoeke, de Greidhoeke en de Lege Midden wie 16 de wurkgelegenheid yn 1994 oanmerklik lytser as yn 1930.

Ja, en sa binne ferskate Friezen út Fryslân fuorttein om bûten de provinsje in nij bestean op te bouwen. It wie net út frije wil, o nee, it wie meastentiids út klearebare earmoed dat de minsken de grutte stap weagen. Faak wisten hja net iens wêr't hja belânje soenen. De minsken wienen ek net folle wend. Fan fakânsjes nei frjemde lannen wie doedestiids gjin sprake. Der giet in ferhaal fan minsken dy't nei Kanada ferfarre soenen. Hja hienen noch nea fan hús west. Hja hienen noch nea yn in trein sitten. Doe't se yn Swol wienen tochten se al dat se der wienen. Fansels is dat ferhaal oerdreaun, mar foar in grut tal fan 'e minsken wie it echt in hiele grutte stap.

Guods belânen yn de minen yn Limboarch of yn de haven fan Rotterdam. In tal kaam te wenjen yn Amsterdam, efterôf yn in húske op trije heech. Foar de bern wie der gjin plak om te boartsjen, want op strjitte wie it tige drok. It ferkear wie gefaarlik. Thús yn Fryslân hienen se de romte, hienen se in knyn yn it hok en in geit op 'e blikke.

Ferskate Friezen yn 'e frjemdte krigen it net maklik. Se waarden ûnwennich en misten it smûke húske yn it doarp. De manlju belânen yn in frjemde omjouwing, somtiden yn it fabryk mei ploegetsjinsten en wienen dan nachts gauris net thús. Ek de mentaliteit yn sa'n frjemd plak wie faak hiel oars as yn Fryslân. De froulju misten harren famylje en buorlju. De minsken krigen langstme nei harren bertegrûn, mar der wie gjin wei werom. En dêrom sochten se elkoarren op en sa binne de Fryske selskippen en krite ûntstien.

In wichtich punt wie ek dat der yn de 19de en yn it begjin fan 20ste ieu noch gjin radio en tillefyzje wie. De ferdivedaasje wie hiel oars. Wannear't je de ferhalen oer it kritelibben fan eartiids lêze dan falt de selswurksomens fan de minsken op. Mei eigen folk waarden de jûnen folle. Op de wurklisten stienen foardrachten, priissprekkerijen, toanielstikjes skreaun troch eigen leden, sang, muzyk, dûnsjen ta djip yn 'e nacht ensfh. Der waard in hiele protte organisearre. Guon krite kamen iens yn de fjirtjin dagen byelkoar. En yn de fakânsjes wie der ek fan alles te dwaan. Der wienen fyts- en boattochten en de kriteleden fan ferskillende krite gienen by elkoar op besite. Somtiden waard der Sinteklaas fierd en krigen de bern spesjaal omtinken. Der waard Kryst fierd en der waard hiel wat ôfsongen. Fansels mocht it eins net folle kostje, want de minsken fertsjinnen net folle. Foar in hiel protte minsken wie it kritelibben in wichtich diel fan harren libben. Op ferskate plakken wienen der toanielfoarstellingen dêr't hûnderten minsken op ôfkamen.

Der wienen Bounsgearkomsten, de saneamde Friezedagen mei tûzenen oanwêzigen.

Tsjintwurdich binne de tiden oars. Fan de Rânestêd út pakke we de auto, we traapje op it gaspedaal en nei twa

en in heal oere binne we by de famylje yn Fryslân. De emigranten dy't it goed dien ha, komme alle simmers yn Fryslân mei fakânsje. En wa't it net rêden hat, dêr hearre we net safolle oer. De boeken fan Hylke Speerstra jouwe dêr in nijsgjirrich byld fan.

Yn de rin fan 'e jierren hat der him hiel wat ôfspile. Hiel wat triennen binne der litten. Jawol, de tiden binne feroare. Fan earmoed hoege we net mear út Fryslân wei. Op frijwillige basis sykje minsken op oare plakken yn 'e wrâld gelegenheid om in bestean op te bouwen. Somtiids wurkje de minsken foar de helte yn eigen lân en foar de oare helte yn it bûtenlân. Ynternasjonale bedriuwen wurde hieltyd gewoaner. Manlju en froulju wurkje beide. Bern geane faak al jong nei de kres. Somtiden mislearje relaasjes. It húsgesin fan eartiids is feroare. Pensjonearre minsken geane soms fan Hollân nei Fryslân te wenjen om te genietsjen fan de rêst en moaie natuer. Se wolle ûntkomme oan de drokte fan it ferkear en oan de nije wrâld fan massafikaasje en yndividualisme.

Yn de moderne wrâld rint it ferieningslibben tebek. It is in algemiene trend. Sjongkoaren, toanielferienings, frouljusferienings, skaak- en damklubs en sawathinne rinne yn ledetel tebek. En ús Fryske krite ûntkomme der ek net oan. De fergrizing slacht ta.

En dochs ... as we earlik binne, dan is der noch hiel wat oer fan dat hiele djippe gefoel dat wy as Friezen hawwe. It is in gefoel dat net ûnder wurden te bringen is. It falt eins net út te lizzen. It is it gefoel dat we krije as we de Fryske flagge op in frjemd plak wapperjen sjogge. In gefoel dat de lêste jierren ek te finen is by 'Fryslân Ferbynt', de organisaasje, dy't mei help fan it 'www' Friezen oer de hiele wrâld mei elkoar ferbine wol. It hat nei alle gedachten te meitsjen mei it feit dat we by Fryslân en de Friezen te meitsjen hawwe mei in ieuwenâld folk dat de stoarmen fan de tiid trochstien hat. It is in folk dat noch altyd bestiet. De eigen taal, de 17

eigen kultuer en de eigen identiteit binne der noch hieltyd en dy sitte der blykber hiel djip yn. It hat te meitsjen mei heit en mem, mei pake en beppe, de ljip op it lân, de ein yn 'e sleat ensfh. En as we bûten Fryslân wenje dan sprekt dat ekstra oan, benammen as we âlder wurde en we oankommen sjogge, dat it libben ferrint.

It boppesteande hat mei oanlieding west foar it beslút fan it bestjoer fan It Frysk Boun om Utens om in boek út te bringen oer de Friezen om utens. Dat boek, mei as titel Friezen yn 'e Frjemdte beheint him ta in skiednis fan de Friezen om utens yn organisearre ferbân. Der wurdt, troch de tiid hinne, in byld jûn fan hoe't it om en ta gie yn de krite, de selskippen, harren klubs en fan by dy organisaasjes belutsen minsken.

It boek giet fansels ek oer de skiednis fan It Frysk Boun om Utens, oer it âlde Boun (1905-1918) en it hjoeddeiske Boun (1923 oant no) en oer har krewearjen om de selskippen en krite yn in lanlike oerkoepeling gear te bringen en fan dêrútwei te stypjen.

De sintrale doelstelling fan It Boun hat nammentlik altyd west in bân te lizzen tusken de Friezen bûten Fryslân en by harren it Fryske folkskarakter yn al syn uterings, benammen yn de taal, te bewarjen en te befoarderjen. Yn in tiid fan grutte feroarings en foaral ek yn in tiid fan it tebekrinnen fan it tal Fryske krite en harren ledetallen, hat it bestjoer fan It Boun miend om dat stikje dochs wol bysûndere histoarje foar it neiteam fêst te lizzen.

De ferantwurding fan de ynhâld leit by it bestjoer fan It Boun.

It moat sein wurde dat it in ûnbidich protte wurk west hat. Folle mear as wy sels mar betinke koenen.

Yn Elikser yn Ljouwert en dêrmei yn Jitske Kingma fûnen wy in útjouwer dêr't wy mei al ús fragen en twifels terjochte koene. Nei har en har meiwurkers (Tine Bakker-van der Heide, Geart Tigchelaar, Evelien

Veenstra) ta is ús wurdearing grut.

Wat my no noch oerbliuwt is om elkenien, dy't oan it projekt meiwurke hat tank te sizzen. En dan wol ik begjinne mei de kritebestjoeren, dy't allegearre harren meiwurking jûn hawwe en dêrmei in basis foar it boek lein hawwe. Tige tank dêrfoar en dy tank jildt dan benammen foar de minsken, dy't dat stik skreaun en oanlevere hawwe.

Fierder wol ik graach de redaksjekommisje tank sizze foar harren tige by tige ynset. Dat binne yn alfabetyske folchoarder: Sjoerd D.A. Bakker, Tsjalling Beetstra, Jantine de Boer, Douwe Fierstra, Ary en Yme Meintema, Tseard Postma, Geecke Sybesma, Anne Tuiten, Tia Walstra en Hâns J. Weijer. Oangeande lêstneamde kin sein wurde dat dit boek in hiele grutte ynset fan him frege hat.

Dêr't it perfoarst net sûnder koe wie fansels Tresoar mei al syn rykdom oan materiaal en syn meiwurkers. De assistinsje fan Lysbert Bonnema wie weardefol. Fierder foar de by it boek hearrende DVD ús tank oan Robert Kalverda fan it Fries Filmarchief.

Wat ús tige holpen hat binne de deiboeken fan kabaratier Bauke van der Wal fan Ljouwert. De soan Giel van der Wal, ald-feedokter yn De Wijk hie ús oprop lêzen en frege de bounsskriuwer oft de redaksje der wat mei koe.

Ien blik deryn en it antwurd wie: 'Graach!'

Prachtich materiaal mei foto's en ek noch lûdmateriaal foar op de DVD. Dêrom tige, tige tank, dat de redaksje der gebrûk fan meitsje mocht.

Datselde jildt foar Pieter van der Veen fan Ljouwert, soan fan Barend en Martsje van der Veen. De oantekens yn dy deiboeken joegen lykwols minder foar ús nijsgjirrige ynformaasje. Mar ek dêr kamen foto's en in lûdbantsje foar 't ljocht, dy't yn it boek en op DVD in plak fûn hawwe.

Fierder in wurd fan tank foar in rige fan minsken, dy't - de iene mear, de oare minder - meiholpen hawwe om it doel te berikken. Yn alfabetyske folchoarder binne dat Boukje Andringa-Brattinga, Anja Bakker-Kroes, Jan Bosgraaf, Jan Bijkerk, Rienk Miedema, Lys Wynia en Dictus van der Woude.

Benammen Jan Bijkerk hat aardich wat foarwurk dien, de foto's foar de DVD oanlevere, wylst Boukje Andringa-Brattinga fierder de soarch foar de DVD op har nommen hat.

Bysûnder yn dit boek is noch, dat it twa bydragen befettet, dy't fan bûten 'ús fjild' komme. Ien dêrfan is de bydrage fan Japik van der Bij, foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging, oer Jisk Koopmans In ûnopfallend bysûnder kritelid, dy't mear as € 600.000 oan dy Ried neilitten hat. Jisk Koopmans hat lid west fan de krite 18

Us Memmetael yn Assen en nei alle gedachten letter ek noch fan in krite yn Rotterdam.

De oare bydrage, Friezen yn Súd-Afrika, is fan Jelle Krol, meiwurker fan Tresoar. In tafallich treffen mei Hâns Weijer en in praatsje oer Súd-Afrika, dat Krol syn belangstelling hat en dêr't er in trije, fjouwer wiken trochbringe soe, mei de mooglikheid fan ûndersyk dêre, brocht Hâns ta de fraach 'wolst yn ús boek net wat oer de Friezen yn Súd-Afrika skriuwe?' En dat hat er dien. Sadwaande.

Twa bydragen skreaun fan bekende Friezen, dy't foar in nijsgjirrich ferskaat soargje.

Net dat der oars gjin ferskaat yn de stikken sit; as jo betinke dat sa'n tritich minsken bydragen levere hawwe, dan mei it dúdlik wêze dat de stikken troch in ferskil yn oanpak en skriuwstyl net ien-tût-mêm binne, mar wol yn al har ferskaat in ienheid foarmje.

Uteinlik binne wy yn ús opset slagge omdat binnen yn ús it fjoer baarnt sa't dat by Friezen yn 'e Frjemdte it gefal is. Sûnder dy ynspiraasje en dat gefoel hienen wy

it nea klear spile.

Yn it hjirneist ôfprinte gedicht ha ik besocht om dy ynspiraasje en dat gefoel ûnder wurden te bringen. It is in breklik besykjen om dizze ynlieding gear te fetsjen. Uteinlik giet it hjir om it fêstlizzen fan de djipste motivaasje om it skriuwen fan dit boek oan te gean en te foltôgjen.



De hast folsleine, oarspronklike redaksje oan de skrep yn Tresoar. Op de foto steane, fan boppe ôf en mei de klok mei: Anne Tuiten, Hâns Weijer, Tsjalling Beetstra, Hâns Dijk, Sjoerd Bakker, Yme Meintema, Jantine de Boer, Ary Meinema, Geecke Sybesma en Tseard Postma. Douwe Fierstra wie der net. (Foto: Leeuwarder Courant)

De Fries om utens

De Fries om utens is in mán
hy tinkt goed nei en lûkt syn plan
gejeuzel stiet net yn syn boek
hy is rjochtút, aktyf en kloek
De Fries om utens is in fróu
hja docht har plicht en hja is trou
har man en bern stean boppe-oan
en 'leafde' pryk heech op har troan
De Fries om utens is in mínsk'
hy dreamt syn dream en docht syn winsk
hy fielt noch stees dy hechte bân
mei memmetaal en heitelân
De Fries om utens bliúwt in bern
dat gûlt as 't wat hat ferlern
djiip yn 't hert mist er de jeugd,
syn knyn, syn geit, syn bernefreugd
Hâns Dijk
Foarsitter fan It Frysk Boun om Utens